

Extra Ledengearkomste FryskeBoerepream 14-12-2017

Gebouw WSH yn Heech

Oanwêzich,28 bestjoer/leden/stipers/skippers/klassekontroleurs.

Jack iepent gearkomste,dit kear gjin evaluaasjegearkomste mar in ledengearkomste y.f.m.mooglik beslútfoarming ferskillende punten,foar it kommende seizoen.

Jack hat foarôfgeand oan dizze gearkomste ien en oar yn bylagen oan alle leden tastjoerd mei ferskillende punten en opsjes wer't eltsenien syn ynbring/foarstel oanjaan koe, hjir wie útsein fan Peter Tolsma net ien reaksje op kaam.

2/ De finansjele situaasje is troch feroaring fan penningmeester wat achterop rekke.Jan Slotboom freget dan ek oan elkenien om safolle as mooglik mei automatyske ôfskriuwing te regeljen.

3/De website is ek nog net foarelkoar y.f.m.in ferâldere systeem,dit sil mei kundige hulp sa gau as mooglik oplost wurde

De útslaggen fan dit jier wurde per mail tastjoerd.

4/ Ynkommen stik fan Geart Pekema mei de fraag om de mooglikheid te ûndersykjen om de P en I fersekering kolektief te regeljen[feriening]

P en I fersekering is nedig as je mei betelle gasten farre.

Sille hjir nei ynformere.

5/ Data byienkomsten en wedstriden

21 jan Nijjiersresepsje yn kafé De Buorren yn Twellingea

14 maart Ledengearkomste + útliz wedstrydregels

28 april Proloog

5 en 6 maaije Wâldsein

25 en 26 maaije Turfrace mei skûtsje/preamen/drachten- K H 2018-

23 en 24 juni Aldegea

30 juni Grutste sloep/[pream] konsert fan NL eilân Heech K H 2018

28 juli Aldegea ielsilerij/ynhaal wedstryd.

8/9 of 15/16 sept Terherne

Hjerstfakânsje oanbring strontrace?

Wa docht mei oan Kulturele Haadstêd 2018 evenementen?

1<sup>e</sup> Turfrace Drachten

2<sup>e</sup> Grutste sloepenkonstert Rakkenpôle Heech.

6/Oanpassingoriginaliteits formule.

Marten de Boer leit ien en oar mei sheets út.

Doel is om alle preamen yn útslaggen tichter byelkoar te krijen,mar moat ienfâldig en net te djoer wurde.

Net ferjitte dat der 33% skip,33%,bemanning,33%taktiek by komt te sjen.

We gean troch mei de gewogen gewichten,ek al ontrint it metten en it weagjen elkoar sa goed as neat

Yn de nije formule wurdt berekkene op gewicht en opperflakte.

S vd Meulen seit dat de SKS ek al oan it neitinken is oer dizze situaasje,wachtsje dat ôf,

Wy wolle it simpel hâlde en net djoer.

Errit de Jong is foar gewogen gewicht ,dan bin je wis en witte we it goed.

Peter de Koe is foar it setten fan merktekens op djippte lizzing,dit is te kontrolearen.

S Bruinsma fynt dat it gewicht net broekt wurde moat foar trimmen.

Aldegea;is in sleepproof ek te besykjen? = is te djoer en te moeilik

S vd Meulen, jou elke earstepriiswinner 50kg ballast,[ giet t k f 33% skip/bemanning/taktiek?]Kin as foarstel ynbrocht wurde yn in ledengearkomste.

7/ Kop/Kont fan de pream.

Yn it ferline binne der ferskillende preamen yn de kop en flak feroare, en hoe geane we der mei om.

Peter Tolsma leit ien en oar út,en wol de meast ynnommen en behelle koppen en konten opmjitte en sa ta in gemiddelde kopbolling komme dy.t we fêststelle kinne

Ek it flak fan de preamen fêststelle y.f.m.knikken ensf.

S vd Meulen meld dat der troch de jierren al in soad feroare is oan preamen en skûtsjes.

P de Koe fynt dat we no der in streep ûnder sette moatte en yn de takomst dúdlik foar de orizjinaliteit geane en ek handhavenje.

Ien en oar wurd fjirder útwurke en meinommen yn de jiergearkomste yn maart 2018.

8/ Wy stelle fêst dat ,by restauraasje fan de pream moat de plaatdikte minimaal 4 mm wêze

9/ Kontroleurs sille it kommende seizoen ekstra lette op [keunstof]blokken en fallen ensf.

10/ Wy farre it kommende seizoen wer mei it reglement fan de KNWV[wyte boekje]Eltsenien is dan lid fan in wettersportferiening.

11/ Evaluaasjepunten kontroleurs;1e Eltsenien moat op tiid foar de wâl lizze foar kontrôle sadat der tiid genôch is foar kontrôlles 2<sup>e</sup> Moat by kontrôle op syn minst ien! bemanningslid fan de pream oanwêzig wêze .3<sup>e</sup> Seilnrs /anker/boei/folle ehbo doaze ensf.moatte yn it sicht lizze.4<sup>e</sup> Tufnolblokken op swurdlopers en fokkeskoat is tastien,alle oaren moatte hout of mei hout/jachtleer beplakt wêze.5<sup>e</sup> Anker moat op syn minst10 kg weagje.6<sup>e</sup> – By per kontrôle konstatearde gebreken hat de skipper oan't de start de tiid om ien en oar oan te passen,sa net dan is útslúten fan de wedstryd in mooglikheid.

De kommisje kin of it ien of oar sels bepale.

12/ Omfraag 1 - Peter de Koe freget wer as it beskreaun stiet dat de gruttere preamen meisile yn de selfde klasse,-Dit is fêststeld yn ien fan de foarige ledengearkomsten[notulen] yn it begjin fan de feriening.

2 – Jan Slotboom freget nogris omtinken foar email adressen en de automatyske ynkasso.

13/Om healwei 11 slút Jack de gearkomste,winsket eltsenien goede kryst en jierwiksel en oan't sjen op de nijjiersbyienkomst yn kafé De Buorren yn Twellingea, 21 janewaris.

Ane de Jong